

Underwerp: Fryske taal en kultuer yn programma Steateferkiezings 2011

Ljouwert, 30 augustus 2010

Achte hear/frou,

Mei it each op de Steateferkiezings fan takomme jier freegje wy jim omtinken foar it ûndersteande. De ôfrûne jierren binne der troch de ferskate politike partijen prikken yn it wurk steld om de posysje fan de Fryske taal te fersterkjen. Tink oan it Steatekomitee foar it Frysk yn 'e grûnwet en de breed oannommen Taalnota 'Fan rjocht nei praktyk'. Wy binne dêr wiis mei mar sjogge tagelyk dat der bliuwend ferlet is fan ynspanning om ús taal te hoedzjen en te noedzjen. Yn dit brief jouwe wy jim in stikmannich oanrikkemedaasjes foar it Taalbelied fan de kommende fjouwer jier, dy't jim opnimme kinne yn jim programma's.

De 10 punten binne as taheakke opnommen. Yn grutte halen komt it derop del dat de 'rânebetingsten' foar it behâld en de fierdere ûntjouwing fan de Fryske taal en kultuer folle better wurde moatte. Yn ferliking ta oare meartalige regio's yn Europa, tink oan Wales, Skotlân (Gaelic), Kataloanje en Súd-Tirol, moat yn Fryslân wiswier mear dien wurde. It docht bliken dat súksesfolle regio's sawol finansjeel, organisatoarysk as ek wetlik de posysje fan har taal better ferankere hawwe.

Dêrom freegje wy jim mei klam om troch te gean mei de lobby foar in bettere wetlike status foar it Frysk yn Den Haach en Brussel (grûnwet en aparte taalwet), om de posysje yn 'e ferskate domeinen lykas bestjoer, ûnderwiis, media ensfh. te ferbetterjen en ta beslút om de finansjele stipe foar it Frysk op krekt sa'n nivo te bringen as dat fan ferlykbere regio's yn Europa. Hiel wichtige tema's foar de kommende jierren binne fansels it fuortbestean fan de provinsje Fryslân en mear eigen foech op it mêd fan Kultuer, Taal en Underwiis. Dêrby ferwize wy ek nei de ferskate rapportaazjes fan it Committee of Experts fan de Rie fan Europa. Dy hawwe al trije kear derop wiisd dat Nederlân net oan syn ferplichtings foldocht wat it ûnderwiis neffens it Hânfêst fan Regionale Talen oangiet en dat it dêrom ek sa wichtich is dat Fryslân sels it foech krijt. Wolle wy Fryslân as bestjoerlike ienheid hâlde dan giet it net allinne om de Fryske taal en kultuer mar ek om't wy sels de romtlike oardering yn hannen hâlde wolle. Dus Fryslân as karakteristike provinsje yn stân litte. Gearfoegjen fan

provinsjes mei Grins as haadstêd soe ekonomysk sjoen (wurkgelegenheid) min wêze. De rânen fan in 'noardlik lânsdiel' sille leechsûge wurde. Krekt yn in tiid dêr't guon sa bang binne foar krimp passe fúzjes net. De Ried hat dêrom ek aksje foar it behâld fan Fryslân fierd fia de webside www.foarfryslan.nl.

It Committee of Experts hat ek oanjûn dat net oan 'e ferplichtings foldien wurdt as it giet om in Frysktalige publike omrop foar Fryslân. Benammen berneprograms is in saak fan belang. Wy steane dêrom oan op in alsidige en folsleine Omrop Fryslân.

Yn 'e taheakke binne boppesteande saken fierder útwurke. Foar de ferkiezings sille wy in diskusjêûn organisearje dêr't jim ek foar útnoege wurde sille. Oan de hân fan wat de politike partijen yn harren programma's setten hawwe sil dan de diskusje fierd wurde.

As jim fragen hawwe nei oanlieding fan dit brief of in ferdúdliking wolle, kinne jim fansels altyd kontakt mei ús opnimme. Wy hoopje dat jim in soad fan de oanjûne punten opnimme sille yn jim program en sjogge ein dit jier/begjin takom jier jim program graach yn 'e mjitte. Yn't foar ús tank en sukses mei de hiele kampanje tawinske!

Mei freonlike groetnis,
út namme fan it Bestjoer,

Jaap van der Bij
foarsitter
www.fryskebeweging.nl

PS: Jim witte grif dat it Frysk yn 'e Steaten aktyf brûkt wurdt (mûnling en skriftlik). By de seleksje fan kandidaten is dat in punt om rekken mei te hâlden. Net allinnich om de diskusjes goed te fieren, mar ek om't de Steaten in goede ôfspegeling wêze moatte fan de Fryske befolking, dêr't 64% fan Frysk praat. En de Steaten datoangeande in foarbyldfunksje hawwe...

taheakke: 1 (Fryske taal en kultuer yn programma 2011-2015)

Taheakke: punten Fryske taal en kultuer yn programma 2011-2015

1. **Bestjoer.** Behâld fan Fryslân as selsstannige bestjoersienheid en fierdere fersterking fan it foech fan de provinsje oer Fryske taal, kultuer en ûnderwiis. Nei de kommisje-Hoekstra moat der grif in ferfolch komme om Fryslân fiergeande autonomy en middels (eigen belestingdomein) te jaan oer syn eigen taal en kultuer en it ûnderwiis dêryn. Sjoch bygelyks nei de situaasje op 'e Antillen en oare regio's yn Europa hoe't Fryslân de mooglikheid krije kin om sels wetten fêst te stellen.
2. **Underwiis.** De bepalings yn it Hânfêst foar Regionale- en Taalminderheden moatte yntegraal neilibbe wurde. Dat betsjut in 'oanmerklik' diel yn it Frysk yn basis- en fuortset ûnderwiis (yn 2015 alle skoallen minimaal 6 oeren wyks, as fiertaal). Ferfolchdoel stelle: 200 twa- of Frysktalige pjutteboartersplakken en 100 trijetalige skoallen yn 2015 (ferfolch fan súksesfol Boppeslach-projekt). Frysk ferplichte eksamenfak yn Fuortset Underwiis. Undersyk hat útwiisd dat meartaligens posityf is, sawol foar taal as foar rekkenjen.
3. **Alsidige en folsleine Omrop.** Omrop Fryslân moat syn funksje útbouwe om net allinnich Frysk nijs yn *prime-time* oeren te meitsjen, mar ek folle mear berneprogramma's oerdeis en folsleine en folweardige programmearring te fersoargjen foar alle ynwenners fan Fryslân en dêrbûten alle Friezen yn 'e wrâld (fia satellyt, ynternet). Mei folweardich wurdt bedoeld: net allinnich nijs út en oer Fryslân, mar de hiele dei en oer en fan de hiele wrâld. Dêrta sil de finansjele bydrage oan de Omrop heger moatte. Yn ferskate dokuminten is in bedrach neamd fan omtrint € 30 miljoen euro op jierbasis.
4. **Finânsjes.** De Taalnota 2008-2010 is ynhâldlik goed te neamen, mar it docht bliken dat der fierstente min jild is om de ambysjes út te fieren. Sa is de pot foar oanfragen om it Frysk sichtber te meitsjen hiel gau leech. Yn it ljocht fan it Hânfêst foar Taalminderheden mei perfoarst net snijd wurde op 'e post Fryske taal en kultuer. Sterker noch, yn ferliking mei de budzjetten yn oare regio's moat der in aardige skeppe oer hinne. Sa wurdt yn Fryslân foar it Frysk yn it ûnderwiis € 3,5 miljoen útgjûn, wylst dat foar it Skotsk Gaelic mei 60.000 sprekkers € 6 miljoen is en foar it Baskysk mei likefolle sprekkers as yn Fryslân € 66 miljoen.
5. **Yntern.** As op alle ôfdielings fan it provinsjehûs goed – yntegraal - tocht wurdt en it Frysk meinommen wurdt by belied en útfiering, kin folle mear berikt wurde as dat allinnich de ôfdieling Kultuer, Taal en Underwiis dat docht. Tink oan it Frysk op buorden by ynfastrukturale projekten, twatalige perronbuorden, konsesjes foar it iepenbier ferfier, kollumns en advertinsjes yn 'e krante, kwaliteitseasken Frysk foar nij personiel en gean sa mar troch.
6. **Sichtberens Frysk:** op bedriuweterreinen (keppelje oan subsydzjebetingst), yn 'e iepenbiere romte, yn ICT-funksjes (T9-funksje en menu mobile tillefoans, jildautomaten, websiden, ynternetapplikaasjes, sosjale media lykas hyves, datingsites), by it MKB (bebuording, menukaarten), banken, musea, soarch (buordsjes en aktiviteiten), kulturele sektor (reklame, personiel en yntern). It Frysk wurdt mear sichtber yn einprodukten foar konsuminten.

7. **Doelstelling Kultuer:** Yn 2015 is in Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer oprjochte nei foarbyld fan de Welsh Language Board. In finster oer de oare Fryslannen yn 'e Fryske kanon.
8. **Gemeenten en oare oerheden:** Trochgean mei de súksesfolle 'Gemeenten en Frysk-konferinsje', ûnderlinge Frysktalige korrespondinsje, priis foar bêste gemeentlike webside en projekt. Mar ek: Hânfêst tapasse by gemeentlike weryndielings foar goed taalbelied. Wetterskip: yn de útfieringsoerienkomst tusken provinsje en Wetterskip sil in better en aktyf taalbelied ôfpraat wurde moatte. It ferlingen fan 'e Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (rint oant 2010).
9. **Frysk funksje-eask:** troch goede (wer-)opliedings, byskoalling en kwaliteitseasken foar ferstean, lêzen, praten en skriuwen stimulearje dat sjoernalisten, abbekaten, plysjes, amtners, politisy, bestjoerders, learaars, liedsters fan berne-opfang en pjutteplakken, justisjele wurkers ensfh. Aktive behearsking fan it Frysk fan persoanen Provinsje dat yn kontakt mei it publyk stiet en beliedsamtners op ôfdieling Kultuer, Taal en Underwiis.
10. **Sertifikaat Frysk** mei passende beleaning by ôfstudearjen foar liedsters fan berne-opfang en pjutteboartersplakken. Wa't yn Fryslân bern opheine wol sil it Frysk mûnling en skriftlik goed behearskje moatte. Fierder soe in fluchkursus oanbean wurde moatte oan nije dosinten fan bûten Fryslân dy't yn it fuortset ûnderwiis komme te wurkjen. Yn 'e Pabû it Frysk as yntegraal part fan 'e oplieding, dus ek by fakken as biology, sport, geakunde, muzyk ensfh.